



ôfskied as 'PC-plaktawizer' fan de PC krych.  
er en yn it besit fan it Keatsmuseum - wiist  
n 1987: Joop Bierma, Leo Leeuwen, Eelke  
no Schurer (kening). (Foto: Jan Tromp)

## Fan alle soargen frij

De jonge wie miskien in jier of sechstjin  
Keatser wie er en in bêsten ien  
Fan bûten sjoen wie der neat mis  
Yn perk en opslach och sa wis  
Mar hy woe sa graach --- fan alle soargen frij.

Der wienen soms fan dy tsjustere dagen  
Dan siet er boppe, sûnder wat te sjen  
Dan siet er foar it rût  
Soms raasde hy it út  
Want hy woe sa graach --- fan alle soargen frij.

Sneons en sneins, dan hearde er by de bêsten  
Opslaan, útslaan, it gie him sa licht ou  
Mar dan samar wie it dien  
De kop waard swierder as in stien  
En hy woe sa graach --- fan alle soargen frij.

Fûleindich focht er op 't keatsfjild  
Mar yn syn holle focht er de swierste striid  
ek sa swier foar heit en mem  
't Lijen fan harren soan te sjen  
En dy woe sa graach --- fan alle soargen frij.

Soms socht er help en gie er nei de dokter  
Hy ried der hinne, "Dokter, it is wer mis"  
Dat die hy net dy iene kear  
Sa wurch ... hy koe net mear  
En hy wie --- fan alle soargen frij.

*Oktober 2002*  
Gerrit Lettinga

(op muzyk fan Oege Reitsma en Jacob de Boer  
fan bluesband *Swiet & Bjuster*)